# PERSBERICHT

Nummer: 074 AR
Datum: 2 september 2025

## Subsidieregeling flexibele inzet woningbouw derde tranche vastgesteld

**Het college van Gedeputeerde Staten heeft vandaag de derde tranche van de subsidieregeling flexibele inzet woningbouw vastgesteld. Met deze regeling ondersteunt provincie Fryslân de Friese gemeenten bij het versnellen van de woningbouw. Gemeenten kunnen hiermee extra capaciteit en deskundigheid inhuren, zodat projecten sneller en beter voorbereid kunnen worden.**

De regeling is bedoeld om de woningbouwopgave te ondersteunen door knelpunten in de voorfase van projecten sneller en beter op te lossen. Provincies en gemeenten kunnen de middelen onder meer inzetten voor zaken als vergunningverlening voor woningbouwprojecten, het opstellen van bestemmingsplannen en het ontwikkelen van plannen voor betaalbare woningen en woonzorgoplossingen.

Voor deze tranche ontvangt provincie Fryslân vanuit het Rijk ruim €900.000,-, waaraan de provincie nog eens €450.000,- toevoegt. Ook de gemeenten dragen financieel bij. Zo komt er ruim €1,8 miljoen beschikbaar. Met deze gezamenlijke inzet helpt provincie Fryslân de gemeenten om vaart te maken met woningbouwprojecten en wordt een bijdrage geleverd aan de realisatie van de afspraken uit de Woondeals: het bouwen van 20.400 nieuwe woningen in Fryslân.

Gedeputeerde Abel Kooistra: *“Met deze middelen krijgen de Friese gemeenten extra mogelijkheden om woningbouwplannen sneller en met meer kwaliteit uit te voeren. Het gaat om een flexibele inzet die we precies daar kunnen plaatsen waar de druk het grootst is. Zo houden we de vaart erin.”*

# PARSEBERJOCHT

Nûmer: 074 AR
Datum: 2 septimber 2025

## Subsydzjeregeling fleksibele ynset wenningbou tredde trânsj fêststeld

**It kolleezje fan Deputearre Steaten hat hjoed de tredde trânsj fan de subsydzjeregeling fleksibele ynset wenningbou fêststeld. Mei de regeling stipet provinsje Fryslân de Fryske gemeenten om mear gong efter de wenningbou te setten. Gemeenten kinne dêrmei ekstra kapasiteit en saakkundigens ynhiere, dat projekten flugger en better taret wurde kinne.**

De regeling is bedoeld om de wenningbou-opjefte te stypjen troch knyppunten yn de foarfaze fan projekten flugger en better op te lossen. Provinsjes en gemeenten kinne de middels ûnder oare ynsette foar saken as fergunningferliening foar wenningbouprojekten, it opstellen fan bestimmingsplannen en it ûntwikkeljen fan plannen foar betelbere wenningen en wensoarchoplossings.

Foar dizze trânsj kriget provinsje Fryslân fan it Ryk goed €900.000,- en dêr foeget de provinsje nochris €450.000,- oan ta. Ek de gemeenten drage finansjeel by. Sa komt der goed €1,8 miljoen beskikber. Mei dy mienskiplike ynset helpt provinsje Fryslân de gemeenten om faasje mei wenningbouprojekten te meitsjen en wurdt in bydrage levere oan de realisaasje fan de ôfspraken út de Wendeals: it bouwen fan 20.400 nije wenten yn Fryslân.

Deputearre Abel Kooistra: *“Mei dizze middels krije de Fryske gemeenten ekstra mooglikheden om wenningbouplannen flugger en mei mear kwaliteit út te fieren. It giet om in fleksibele ynset dy’t wy krekt dêr pleatse kinne wêr’t de druk it grutst is. Sa hâlde wy de gong deryn.”*